

X

## POSTADRES

/ Westersingel 4  
/ Keamer 0.11  
/ 8913 CK Ljouwert

/ ynfo@dingtiid.frl  
/ www.dingtiid.frl  
/ @dingtiid

Ljouwert, 25 jannewaris 2023

Achte kolleezje fan B&amp;W,

DINGtiid is it wetlik advysorgaan foar it Frysk, fêststeld by de Wet gebrûk Fryske taal. Wy advisearje oerheden oer it Frysk, gauris fanút it perspektyf fan de likense posysje fan Frysk en Nederlânsk yn de provinsje Fryslân.

Yn 2022 ha wy ús, op fersyk fan Provinsje en Ryk, bûgd oer de posysje fan it Frysk yn de foarskoalske faze. De haadfraach fan it advysdossier wie: hoe kin it dat yn noch lang net alle foarskoalske lokaasjes de Fryske taal in fêst plak hat en dat der dus noch altiten in soad âlden binne dy't gjin tagong ta Frysktalige opfang foar harren bern ha? Soks giet ommers yn tsjin de wetlik jildende lykweardigens fan Frysk en Nederlânsk yn de provinsje Fryslân, dy't wol dat ûnbehindere tagong ta (diels) Frysktalige opfang en vve fanselssprekkend is.

Yn it taheakke, twatalige advysrapport neame we de oarsaken fan de situaasje, en analysearje we hoe't dêrmei omgien wurde kin; it is oars goed om hjir oan te jaan dat yn it advysrapport noch gjin rekken hâlden wurde koe mei de te ferwachtsjen groei fan de berneopfang as dy aanst – fan 2025 ôf – frijwol fergees wurdt. In wichtige konklúzje is dat der op dit stuit fan it fjild út gjin ferlet field wurdt fan in aparte wetlike ferplichting. De fan-ûnderen-op-oanpak sa't dy al jierren troch benammen SFBO hantearre wurdt, wurket goed; alle partijen dêr't mei praat is yn it ramt fan dit advys – dat rint fan lokaasjes oant gemeenten, SFBO en Provinsje – binne dêr hiel wiis mei. En mei de Wet gebrûk Fryske Taal, it Europeesk Hânfêst en it Europeesk Ramtferdrach lizze der al in soad brûkbere beliedsmjittige kaders op grûn wêrfan't ambisjeus belied makke wurde kin.

Wêr't it lykwols oan ûntbrekt is no krékt dat ambisjeuze belied. Ryk en Provinsje ha gjin konkrete doelstellings opnaam yn de BFTK 2019-2023. Utsein troch SFBO, dy't it yntern byhâldt, wurdt ek net troch oerheden kontrolearre hoefolle lokaasjes oft twatalich binne en hoefolle bern oft gebrûk meitsje fan twatalige berne-opfang. De ferskate oerheden soenen tige goed mei-inoar wurkje kinne oan it stimulearjen fan de lokaasjes en de relevante opliedingen. Dat sil helpe om it úteinlik foar elk bern yn Fryslân fanselssprekkend te meitsjen dat Frysk in plak hat yn de opfang.

Us wichtichste oanrikkemandaasjes binne dêr dan ek op rjochte:

Ryk/Provinsje: Nim konkrete, mjitbere doelstellings op yn de nije BFTK en stjoer dêrop.

Gemeenten/Provinsje: Kom ta gemeentlike doelstellings yn in *Frysk Foarskoalsk Profyl* per gemeente en jou gemeenten in aktivere rol en mear ferantwurdlikheid om dêrop te stjoeren en it Frysk op foarskoalske lokaasjes te stimulearjen.

Provinsje /Ryk: It Frysk en meartalige ûntwikkeling moatte in fêster plak krije binnen de oplieding Pedagogysk meiwurker.

Wy hoopje dat jo it advysrapport bekend meitsje wolle binne jo amtlik apparaat en by de oangeande ûnderwiis- en opfanglokaasjes yn jo gemeente; in digitale ferzje is te benaderjen fia ús website, [www.dingtiid.frl](http://www.dingtiid.frl) > advizen. En fansels ljochtsje wy ús advysrapport mei wille ta yn in neier petear.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster  
Foarsitter DINGtiid